

Fragen oer FFNEL	Antwurd														
<p>Hoe sjocht de regeling Frysk foar no en letter 2026 derút en hokker budzjetten binne dêroan keppele?</p>	<table border="1"> <thead> <tr> <th data-bbox="646 277 1145 344">Subsidiabele aktiviteit</th> <th data-bbox="1145 277 1388 344">Subsydzje(diel)plafond</th> </tr> </thead> <tbody> <tr> <td data-bbox="646 344 1145 434">1 Oanskaf fan Frysktalich les- of lêsmateriaal</td> <td data-bbox="1145 344 1388 434">€ 200.000</td> </tr> <tr> <td data-bbox="646 434 1145 546">2 Dielnimme oan aktiviteiten op it mêd fan kultuer- of erfgoededukaasje oer de Fryske taal en kultuer;</td> <td data-bbox="1145 434 1388 546">€ 200.000</td> </tr> <tr> <td data-bbox="646 546 1145 658">3 Folgjen fan in oplieding of kursus Fryske taal en kultuer;</td> <td data-bbox="1145 546 1388 658">€ 50.000</td> </tr> <tr> <td data-bbox="646 658 1145 725">4 Meartalich fuortset ûnderwiis neffens it Taalryk-konsept</td> <td data-bbox="1145 658 1388 725">€ 100.000</td> </tr> <tr> <td data-bbox="646 725 1145 837">5 Untwikkeljen en yn it wurk setten fan in plan foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer</td> <td data-bbox="1145 725 1388 837">€ 450.000</td> </tr> <tr> <td data-bbox="646 837 1145 875">Totaal</td> <td data-bbox="1145 837 1388 875">€ 1.000.000</td> </tr> </tbody> </table>	Subsidiabele aktiviteit	Subsydzje(diel)plafond	1 Oanskaf fan Frysktalich les- of lêsmateriaal	€ 200.000	2 Dielnimme oan aktiviteiten op it mêd fan kultuer- of erfgoededukaasje oer de Fryske taal en kultuer;	€ 200.000	3 Folgjen fan in oplieding of kursus Fryske taal en kultuer;	€ 50.000	4 Meartalich fuortset ûnderwiis neffens it Taalryk-konsept	€ 100.000	5 Untwikkeljen en yn it wurk setten fan in plan foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer	€ 450.000	Totaal	€ 1.000.000
Subsidiabele aktiviteit	Subsydzje(diel)plafond														
1 Oanskaf fan Frysktalich les- of lêsmateriaal	€ 200.000														
2 Dielnimme oan aktiviteiten op it mêd fan kultuer- of erfgoededukaasje oer de Fryske taal en kultuer;	€ 200.000														
3 Folgjen fan in oplieding of kursus Fryske taal en kultuer;	€ 50.000														
4 Meartalich fuortset ûnderwiis neffens it Taalryk-konsept	€ 100.000														
5 Untwikkeljen en yn it wurk setten fan in plan foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer	€ 450.000														
Totaal	€ 1.000.000														
<p>Hokker budzjet is beskikber foar Frysk foar no en letter?</p>	<p>Ferline jier wie der yn dizze regeling 600.000 euro beskikber. Fan 't jier is it budzjet nei 1.000.000 euro ophege.</p> <p>It budzjet is fan 't jier ferhege nei 1.000.000 euro om't de regeling nei 5 kategoryen útwreide is. Nij is de kategory foar it yn it wurk setten fan in plan foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer. De provinsje Fryslân wol mei it tafoegjen fan dy kategory it Fryske ûnderwiisfjild stimulearje om de Fryske taal en kultuer in stevich plak yn it ûnderwiis te jaan. Dêrby kin it bygelyks gean om it opsetten fan in eksamentrajekt Frysk, it ûntwikkeljen fan in skoaleigen kurrikulum, rjochte op it yn it wurk setten fan de keardoelen Fryske taal en kultuer 2026, it yntegrearjen fan Frysk en meartaligens yn in oplieding, of it oanstellen fan in boppeskoalske koördinator foar it skriuwen fan plannen dy't derta liede dat de Fryske taal en kultuer binnen in skoalkoepel fuortsterke wurdt.</p> <p>Dêrneist is Taalryk no ek in aparte kategory yn de regeling.</p>														
<p>Wat is der oars as foargeande jierren? Aktiviteit 1. Materiaal</p>	<p>Dizze aktiviteit bestie ek al yn de foargeande regeling. Nij is dat it subsydzje efterôf oanfrege wurde kin. Skoallen betelje it materiaal earst sels en kinne de kosten efterôf deklarearje. It plafond is wat rommer as ferline jier, om eventuele soargen by opfanglokaasjes en skoallen fuort te nimmen dat it plafond al berikt is neidat it materiaal oanskapt is. Om skoallen op 'e hichte te hâlden fan de stân fan it budzjet, sil der gauris in update dien wurde op de webside van provinsje Fryslân oer de stân fan it plafond.</p>														
<p>Wat is der oars as foargeande jierren?</p>	<p>Dizze aktiviteit bestie ek al yn de foargeande regeling. Nij is dat der no wurke wurdt mei in fêst bedrach de learling</p>														

Aktiviteit 2. Kultuer- of erfgoededuksje	(€15). Dat bedrach kin brûkt wurde foar it útstapke en foar eventuele reiskosten.
Wat is der oars as foargeande jierren? Aktiviteit 3. Oplieding of kursus Fryske taal en kultuer	Bestie ek al yn de foargeande regeling.
Wat is der oars as foargeande jierren? Aktiviteit 4. Meartalich fuortset ûnderwiis neffens it Taalryk- konsept	Taalryk-skoallen krije gjin mearjierrige subsydzje fan de provinsje mear. As alternatyf is Taalryk meinommen yn de subsydzjeregeling Frysk foar no en letter. Taalryk-skoallen kinne subsydzje oanfreegje foar it oanbieden fan meartalich fuortset ûnderwiis neffens it Taalryk-konsept (€25.000 de Taalryk-skoalle it skoaljier).
Wat is der oars as foargeande jierren? Aktiviteit 5. Untwikkeljen en yn it wurk setten fan in plan foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer	Dit is in nije aktiviteit. Dizze aktiviteit komt yn it plak fan de aktiviteit frijroasterjen út de foargeande regeling. Yn de regeling fan 2026 is dizze aktiviteit in minder 'frij te besteegjen budzjet'. De aktiviteit foar it ûntwikkeljen en yn it wurk setten fan in plan foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis is perfoarst net allinnich rjochte op it skriuwen fan it plan, mar ek om it plan yn it wurk te setten. Dêrby kin it bygelyks gean om it opsetten fan in eksamentrajekt Frysk, it ûntwikkeljen fan in skoaleigen kurrikulum, rjochte op it yn it wurk setten fan de keardoelen Fryske taal en kultuer 2026, it yntegrearjen fan Frysk en meartaligens yn in oplieding, of it oanstellen fan in boppeskoalske koördinator foar it skriuwen fan plannen dy't derta liede dat de Fryske taal en kultuer binnen in skoalkoepel fuortsterke wurdt. Ek it tawurkjen nei meartalich ûnderwiis, neffens 3TS of Taalryk, kin ûnder dizze aktiviteit falle. It subsydzje foar dizze aktiviteit kin net allinnich oanfrege wurde troch skoallen en opfanglokaasjes, mar ek troch skoalbestjoeren.
Kin in berne-opfanglokaasje of skoalle in oanfraach dwaan as sy ferline jier ek in oanfraach dien hawwe?	Ja, dat kin. Yn de perioade fan 22 april – 30 septimber kinne opfanglokaasjes en skoallen ien oanfraach dwaan de kategory, dus mei-inoar 5 oanfragen. Skoalbestjoeren kinne in oanfraach dwaan yn kategory 5 (ûntwikkeljen en yn it wurk setten fan in plan foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer)
Hat in opfanglokaasje of skoalle in saaklike DigiD nedich foar de oanfraach?	In saaklike DigiD bestiet net. In dosint/pedagogysk meiwurker kin mei syn/har eigen persoanlike DigiD ynlogge. By de oanfraach moat dan wol in machtigingsformulier meistjoerd wurde.
Kin der ek mei weromwurkjende krêft subsydzje oanfrege wurde?	Ja, dat kin foar subsydzje-aktiviteit 1. De oanskaf fan Frysktalich les- of lêsmateriaal. Foar de oanskaf fan les- of lêsmateriaal jildt dat it materiaal yn it kalinderjier, dêr't de oanfraach yn yntsjinne wurdt, oanskaft is.

Wêr binne de wetlike bepalings te finen?	Dy binne tongersdei 16 april 2026 publisearre en te finen fia de webside www.fryslan.fr/fy/fryskfoarnoenletter
Kin it subsydzje ek skriftlik (op papier) oanfrege wurde?	Ja, dat kin. De skriftlike ferzjes fan de oanfraachformulieren kinne opfrege wurde fia ús KCC. Mar leaver digitaal. 'Voor vragen kunt u contact opnemen met ons Klantencontactcentrum via telefoonnummer 058 – 292 59 25 of via de mail provincie@fryslan.fr .'